Taspraak KfdK drs. A.A.M.Brok, 29 novimber 2025
Presintaasje fan de dichtbondel Fier dyn eigen taal, St. Jabik

Tige tank foar de bondel! Wiis mei!

Moai om hjir te wêzen, yn de prachtige Groate Kerk fan St.Jabik, yn it hert fan it Bilt, in streek mei in eigen karakter en in eigen klank. In tapasliker plak foar dizze gearkomste is hast net te betinken. Hjoed fiere wy ús eigen talen, yn al har foarmen en kleuren.
Ook een warm welkom aan allen die mensen vanuit andere landsdelen hier naartoe gekomen zijn. Mijn verhaal zal in het Fries zijn, dat zal u denk ik niet verbazen. Mocht u iets niet verstaan, dan kunt u uw buurman of buurvrouw even gebruiken als tolk wellicht. Welkom!

De titel fan de bondel seit it al: Fier dyn eigen taal.
Ik soe der graach ien wurdsje oan taheakje wolle: Fier op dyn eigen taal.
Want wy hawwe alle reden om grutsk te wêzen.
Yn dizze bondel fine wy gedichten yn mear as 70 dialekten: fan it Achterhoeks oant it Limburgs, fan it Meslânzers oant it Zeêuws, fan it Ostfriesisch oant it Hylpers…

In palet fan wurden en klanken dy't ús identiteit definieare.

It liket sa fanselssprekkend om dyn eigen taal te praten, mar dat is it net. Lytse talen steane ûnder druk. Se moatte plak meitsje foar de grutte talen fan de wrâld, foar de taal fan it ûnderwiis, fan de social-media, fan it wurk.
It is maklik om oer te skeakeljen nei it Nederlânsk of it Ingelsk. Mei elke kear dat wy ús ferbrekke, ferliest ús taal in bytsje har plak. Mei elke taal dy't ferdwynt, ferdwynt ek in stikje fan ús kollektive ûnthâld, ús kultuer.
Dêrom is dit inisjatyf sa weardefol. Net allinnich om't it prachtige poëzy byinoar bringt, mar ek om't it in digitaal poadium biedt oan lytse talen en tongslaggen, dialekten.
Mei de webside krije dizze gedichten in plak dêr't elkenien se fine kin. In plak dêr't wy sjen kinne hoe't taal libbet, hoe't taal ûntwikkelt, hoe't taal minsken byinoar bringt.
It tema fan it platfoarm is Frijheid. En wat is frijheid oars as de romte om dysels te uterjen yn dyn eigen wurden, yn dyn eigen klank?
Meartaligens is in ferriking.
De helte fan de wrâldbefolking praat neist de memmetaal noch in oare taal. It jout ús mear mooglikheden om ús emoasjes út te drukken, mear perspektiven om de

wrâld te begripen.
Yn Europa binne sechstich regio's dêr't minsken njonken de rykstaal in eigen taal prate. Yn ús lân liket it soms noch bysûnder, wylst it eins de gewoanste saak fan de wrâld wêze moatte soe.
Wy moatte lytse talen sjen as in tafoege wearde. As in ekstra laach fan betsjutting. Want taal is mear as kommunikaasje. It is ek identiteit.
Dy ûnderfining haw ik sels ek. Sa at jimme witte bin ik net hikke en tein yn dizze provinsje, mar it Frysk is wol myn earste taal wurden. Sterker; de taal is foar my keppele oan in sterk loksgefoel dat my oerkaam doe't ik nei Fryslân ferhuze.
As immen oan dyn taal komt, komt er oan dyn persoan. Dêrom is it behâld fan ús talen net allinnich in kulturele kwestje, mar ek in maatskiplike en politike. Wy as provinsje hawwe in wetlike soarchplicht foar de Fryske taal en kultuer.
Wy ynvestearje om it Frysk sichtber en brûkber te hâlden: yn it ûnderwiis, yn de media, op ferkearsbuorden, yn de rjochtbank. Dit is ûnderoaren ek fêstlein yn de Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer. Us bestjoer, mei portefúljehâlder deputearre Eke Folkerts – hjir oanwêzich – set dêr op yn. It is by Folkerts yn fertroude hannen.
Mar jild allinnich is net genôch. En ôfwachtsje wat de oerheid docht ek net fansels. Taal is fan ús allegear. It giet om it brûken derfan. It giet om pakes en beppes, heiten en memmen, broerkes en suskes. Taal libbet allinnich as wy har brûke. Op strjitte, op it skoalplein, yn de winkel, op it wurk, op social-media.
Ik bin net fan de taalplysje en ek gjin pessimist.
Ut ûndersyk dat foarige moanne presintearre waard troch de Fryske Akademy en it Fries Plabureau hat bliken dien dat jonge âlders hieltiid faker Frysk tsjin de bern prate.
Ek ús jongerein jout hoop. Ut ûndersyk docht bliken dat njoggen fan de tsien jongeren wolris Frysk brûkt op social media. It is miskien net it Frysk fan de Akademy, mar it is Frysk.
It is libben, it is hip and happening. Op tiktok, op Insta, op Snapchat, op de stories en miems fan de Omrop dy't ûnder jongerein tige populêr binne...
Dat betsjut dat ús taal oerlibbet en meigiet mei de tiid. Dat is krekt wat wy wolle.
Fryslân is gjin museum dêr't in stek omhinne stiet.
Fryslân is in iepen mienskip, yn ferbining mei de wrâld om ús hinne.
Wy sitte net op in terp, wy steane midden yn Europa, tusken alle oare talegebieten.
Wy kinne fan inoar leare.

Bêste minsken,

De bondel lit sjen hoe ryk ús taal mei al harren farianten is en sa bedarje wy wer hjir yn it Bilt. It Biltsk is fansels in prachtich foarbyld fan hoe't taal ûntstiet, hoe't taal him oanpast, hoe't taal libbet. It is in taal dy't fertelt oer migraasje, oer ferbining,

oer mienskip. Krekt lykas alle oare dialekten yn de bondel.
Elk gedicht is in stikje erfgoud, in útnûging om fierder te sjen as dyn eigen doar.

Tige tank!